

# Oer libbensfragen en wettermanagement

FD 13-05-2006

troch Yvonne Dijkstra

In muzikant dy't mei syn libben oan is, in wetterkundich projekt yn Spanje en in bûnt selsskip fakânsjewurkers: it binne de yngrediïnten fan de twadde roman fan Nyk de Vries (Noardburgum, 1971). De Vries debutearre in pear jier lyn mei Rezinekyn, dat ûndertusken yn it Nederlânsk útbrocht is as Rozijnkonijn. De titel fan De Vries' twadde roman, Prospero, is ûntliend oan it wetterkundige projekt yn de Spaanske heechlannen dêr't in part fan de roman him ôfspilet. It foarmet in prachtich dekor foar in ferhaal dat my sa no en dan sa meisleepte dat ik my op in stuit ôffrege yn hokker taal ik eins siet te lêzen.

It ferhaal: in ploech studinten en oar jongfolk binne ôfreizge nei Spanje om as fakânsjewurkers by it wetterkundich projekt Prospero

te wurkjen. Marco Vandaan, de haadpersoan, is ien fan harren. Syn libben sit op in dea spoar: kariêre yn 'e muzyk dy't net rint, stúdzje dêr't er neat mei docht en ferkearing krekt út. Hy stoart him yn de groep en giet hielendal op yn it bûnte selsskip. Dit part fan de roman lêst as in trein en bliuwt goed op spanning. Dat komt benammen troch it karakter fan Peter Poncin, dy't in master is yn it tsjin inoar útspyljen fan minsken. Dêrtroch krije we in goed byld fan de groepsdynamiken yn dizze ploech jongerein en wurdt ek dúdlik wat guon sykje yn Prospero. Peter Poncin is de motor dy't it ferhaal op gong hâldt. Mar ek de oare personaazjes binne ynfielend beskreaun. Bygelyks Ruud, de joviale útfierder dy't it sa goed mei elts foarhat mar dy't alles hieltyd by de hannen om ôfbrekt en it pittich lyts dinkje Wikje.

Mar it projekt dêr't sa folle fan ferwachte waard - in modelprojekt, ynnovatyf en lytsskalich, by súkses kin it in trochbraak wêze - rint as in luchtballon leech en itselde jildt in bytsje foar de roman. Pas oan de ein fan it ferhaal wurdt it noch krekt even spannend, mar derfoar moatte jo wol efkes trochbite. Dat gefoel komt foar in part ek omdat der in soad losse triedsjes hingjen bliuwe as Prospero op in stuit ophâldt te bestean. Net allinnich yn it ferhaal is it samar ynienen foarby, ek romanteknysk is it wat koart troch de bocht. Want wat wie no krekt de oanlieding dat Hans-Koen útnaaide, hoe siet it mei Peter Poncin, wat betsjutten alle tearen yn 'e holle en raarsjoggerij dy't yn de rin fan it ferhaal foarby komme? Ik hie dêr wat mear útwurking ferwachte. Do kinst as skriuwer net allegear fragen oproppe en dy dan net be-

antwurdzje: de lêzer sil him wat bedondere fiele.

Gelokkich makket Nyk de Vries in soad goed, bygelyks as er syn skiedniseftergrûn ynset. Der rint in moaie parallelle ferhaalline yn de roman oer kening Filips dy't syn wrâldryk bestjoerde út it Eskuriaal wei. It docht bliken dat dat Eskuriaal deun neist Prospero leit. In kollega fan Marco dy't skiednis'freak' is ferdjippet him yn dit ferhaal en fertelt deroer oan Marco. Der wurdt in byld sketst fan in iensume kening, dy't dan wol de macht oer in wrâldryk hat, mar alle ferantwurdlikheden allinnich drage moat. De parallel wurdt eksplisyt as Marko allinnich yn in Spaansk appartemint sit mei de blinen ticht: „Nei it iten lies ik opnij in stikje oer Filips en oer dy nuvere tiid dy't de sechstjinde ieu achterôf besjoen west hie - mei syn grutte feroarings en ferantwurd-

likheden, foar de measten fansels ûnsichtber, mar wis wol oan 'e gong." (side 137) Faaks liket it wat op de faze dêr't Marco yn sit, it ein fan in tiidrek, tiid om ferantwurdlikheid te nimmen.

Nyk de Vries hat mei Prospero in moaie roman ôfleverde, in roman ek dy't neffens my lykas syn foargonger yn de beneaming komt om oerset te wurden en sa by in grutter publyk telâne te kommen.

*Nyk de Vries, Prospero. Ljouwert: Friese Pers Boekery, 2006, 159 siden, 15 euro*